# nijs



**Paulus Folkertsma Stichting**




## NOFLIKE KRYSTDAGEN
## LOKKICH NIJ JIER




**NIJS** is in útjefte fan de
Paulus Folkertsma Stichting.
**NIJS** wurdt tastjoerd oan
donateurs en belangstellenden.

Redaksje: Sekretariaat fan de
Stichting, Hemma Oddastrjitte 13
8927 AA Leeuwarden

Donaasjes: minimaal €11,50 per jier
bankrekkennûmer
NL65 RABO 0131587048
t.n.f. Paulus Folkertsma Stichting

Ynternet: www.paulusfolkertsma.nl
E-mail: info@paulusfolkertsma.nl
Keamer fan Keaphandel nr. 41004030
Desimber 2020

## Bêste donateurs en belangstellenden

Wy ha in bysûnder jier efter de rêch,
ek wy koene troch Corona fansels gjin
aktiviteiten organisearje. Hooplik komme der
yn de rin fan 2021 wer wat mear mooglikheden
en komt it kulturele libben wer wat op gong.
Wy wolle jo tankje foar jo stipe, ek yn dit ôfrûne jier,
dat is tige wichtich foar ús.
Jo helpe ús om ús taak, de muzikale neilittenskip
fan Paulus Folkertsma te behearen en de muzyk
te promoatsjen.
It bestjoer fan de Paulus Folkertsma Stichting
wol jimme yn elts gefal in lokkich, foaral sûn
en muzikaal 2021 winskje.

## Bestjoer

Us foarsitter hat oanjûn op termyn stopje te wollen.
Dat betsjut dat der in fakatuere komt.
Soene jo belangstelling ha foar dizze funksje of
ien witte dy't miskien belangstelling ha kinne soe,
dan kinne jo kontakt opnimme mei it sekretariaat.